

# Twadde koarte ferhalebondel fan Durk van der Ploeg: Finzenskip en frijheid sintraal

Durk van der Ploeg is in keunstich skilder. It is prachtich om te sjen hoe't er yn syn nijste koarte ferhalebondel *Under de Seespegel* himsels twingt in ferhaal yn in pear streken del te setten wylst er himsels tagelyk de romte jout mei soarch details oan te setten. Koarte en krêftige bylden binne dêrfan faak it risseltaat.

GERBRICH VAN DER MEER

Under de Seespegel is in bondel mei sechstjin ferhalen en is Van der Ploeg syn twadde koarte ferhalebondel nei *Gjin plak op ierde* út 1996. De titel jout yn it koart al oan wat de lêzer ferwachtsje kin: in bondel ferhalen dy't ynderlikste driuwfearen boppe wetter helje. It binne gauris ferhalen dy't plak fine yn, om en op it waadgebiet dêr't eigensinnige minsken in haadrol yn spylje. Yn frijwat ferhalen klinkt de spanning tusken it finzen wêzen fan elkoar en it frij wêzen of elkoar frij litten troch. In spanning dy't jo net allinnich tsjinkomme binnen in houlik ('De reinwettersbak'), mar ek yn freonskippen ('De hûnsdagen') en wurkferhâldings ('It keal'). It is ferrassend dat Van der Ploeg ek yn giet op de âlder-bernferhâlding mei it each op frijheid en finzenskip. Yn it ferhaal 'Grûn fan ús grûn' wurde dêrtroch twa bruorren útelkoar skuord. Mar ek de bern-âlderferhâlding komt subtyl oan it ljocht as de bern it better miene te witten wat goed is foar harren heit of mem ('Snieflok yn 'e simmer' en 'Fiif manieren om ôfskie te nimmen'). Yn Van der Ploeg syn ferhalen wurdt it ideaalbyld fan it frij wêzen wol faak yn helle troch de kâlde en iensume werklikheid.

## Untroerend

It ferhaal 'Duisterwinkel' begjint mei de haadpersoan Elle Clewitz, dy't kommentaar sit te leverjen op twa minsken yn in fuortstowende wein. De sloper fielt him bedrige troch de twa milieu-amtners. Se wolle him bine oan regels, mar dêr moat er neat fan ha. De wet makket him dûm en fangefolgen stiet er net mear foar himsels yn. De ferdwining fan ien fan de amtners hat dêr alles mei út te stean. Dat Elle Clewitz der úteinlik sûnder kleankuorren ôf komt is mei it each op it ferhaal lykwols net alhiel oertsjûgjend.

'It keal' is it ûntroerende ferhaal fan in ik-figuer oer syn heit, dy't yn it sok fan dy syn heit arbeider wurdt by boer en dykgraaf Ake Leferts, de kening fan de Bandtspolter. De heit dy't mei hannen en

hoe't de frou har man stiet, mar him tagelyk heint. Oant it lêste moment ta.

## Jiske

Mei it ferhaal 'It wie mar jiske dat wy loslieten' giet Van der Ploeg in wat swart humoristyske kant op. In man dy't de ik-figuer yn har jonge jierren tenei west hat, wurdt jierren letter oan har soargen yn in ferpleechtehûs tabetroud. As er dea is, wurdt se útnoege om mei in spesjaal selskip mei te gean om syn jiske yn 'e Noardsee út te struien. En hoe kin it sa, de ynsest-herinnering wurdt suver nij libben ynblaasd as syn jongste dochter de jiske útstruit: „Doe gyng Anna der rjochting sykjend mei boppe de wyn en tilde wat ûnhandich mei ien hân de stielen krûk boppe de holle. En wylst se ús tarôp: 'It libben út de flood ûntstien, keart werom ta de flood;[...] drige se fanwegen de wyn út it lykwicht te reitsjen en heakke se mei in finger fan de oare hân it lipke ûntdich los, dat de boaiem fansels iepenfoel. In wolkje stof sa grut as in fikse smook sigarereek waard op 'e wyn meinommen en twirre ús foar in part om 'e earen. Ik ferbeelde it my net dat it my bitter en swevelich op 'e tonge baarnde. En der wiene mear dy't dy ûnderfining dielden, want wy reagen ús as in troep apen troch it hier,

–fuotten bûn is oan de regels fan de dykgraaf, besiket syn eigenwearde temjitte te kommen troch stikem in keal yn hûs te nimmen. It kin net oars of dykgraaf Leferts komt der efter en lit him op subtile, mar net oan te ûntkommen wize merke wa't yn syn keninkryk de baas is. It ferhaal De reinwettersbak is in juwieltsje. Liket it stekken fan in nije reinwettersbak it rinnende ferhaal te wêzen fan in ik-figuer, eins giet it oer hoe't twa âlden mei elkoar omgean mei it each op in leuke reinwettersbak. De mem wol dat de heit ûndersiket oft de reinwettersbak noch te meitsjen is, de heit hat dêr gjin fidúsje yn, docht it dan ek net en steekt in nije. Mar dat is net sa maklik as er tinkt. Op subtile wize wurdt der yn de wiken dy't dêrop folge in net útsprutsen striid útfochten tusken de beide lju oer de te folgjen strategy. En hieltyd komt de prijpjende fraach fan de mem wer werom: „Hoe djip wolst, Anders?“. Prachtich om te sjen is

en spuiden beskamme mar krêftich yn it sân as hiene wy fergif yn krigge." (side 65)


Finzenskip en frijheid komme wol hiel ticht by elkoar as de jongste dochter har sa yn de ik-figuer werkent dat hja fierder mei har wol.

## Frijheid

Yn de ferhalen 'Snieflok yn de Simmer' en 'Der giet neat boppe de natuer' is it wer de langst nei frijheid dat de klok slacht. Wylst in frou yn Snieflok yn de Simmer har frijheid siket yn in suterige karavan en kriget as har man him tekoart docht, siket Jurjen Heeringa de frijheid yn de natuer. Dreech wurdt it foar him as er op in jûn mei in frou konfrontearre wurdt dy't mear yn him losmakket as dat er tajaan wol. De titel Der giet neat boppe de natuer kriget in spesjale smaak as de man syn oare 'natuer' net mear de baas kin.

Mei Under de Seespegel lit Van der Ploeg sjen dat er ek syn keunst ferstiet as er koart om de hoeke moat. Tagelyk bliuwe syn ferhalen echte Van der Ploeg-ferhalen; ferhalen oer eigensinnige minsken; op soarchfâldige en rêstige wize optekene.

Under de Seespegel, Durk van der Ploeg. Utjouwerij Friese Pers Boekerij, Ljouwert. 35 gûne.



Durk van der Ploeg toant krêftige bylden yn twadde bondel mei koarte ferhalen.

Foto: Frans Andringa